

**FRYSLAN-A EKSAMEN**  
**24 septimber 2016**

**IV Skriuwo opdracht**

**(60 min.)**

*Sykje ien fan de ûndersteande ûnderwerpen út. De lingte fan alle opdrachten moat sa'n 300 wurden beslaan. Betink, dêr't it doel hat, in passende titel. En tink derom: wa't net oer ien fan dizze ûnderwerpen skriuwt, kriget in 3. Dat jildt ek foar wa't oer **mear** ûnderwerpen **wát** skriuwt.*

1. **It moaiste waadeilân?**

Wat is it noflik om sa deun by it waad mei syn eilannen te wenjen, net? Hawwe jo in spesjale bân mei ien derfan? Faaks in Dútsk eilân? Fertel deroer.

2. **As ik dat witten hie!**

As jo dat witten hiene, dan wie it hiel oars gien! Binne jo bedondere, hawwe jo nayf west, te goed fan fertrouwen? Fertel wat jo dwers siet.

3. **Tonger en bliksem**

De ien kriget it deabenaud en in oar mei graach sa lang mooglik bûten stean te sjen as der in tongerbui oerkomt. Hoe binne jo gefoelens en ûnderfiningen dêrmei?

4. **Skaalfergrutting**

Der is hast net in oerheidsorganisaasje dy't deroan ûntkomt: skaalfergrutting. En bedriuwen fusearje ek geregeld. Hawwe jo der ûnderfining mei of alteast opfettingen oer? Skriuw jo ferhaal.

5. **Sport of sportferdwazing**

De ôfrûne simmer wie in paradyslike perioade foar sportleafhawwers. It EK-fuotbaljen en de Olympyske Spelen krigen in soad omtinken. En ek yn Fryslân koe elts syn gerak krije. Wie dat foar jo wat dat oangiet ek genietsjen? Of wiene jo bliid dat it 'normale libben' en it nijs dêroer wer oan bod kaam?

6. **Kulturele Haadstêd 2018**

It is alwer in skoft lyn dat wy hearden dat Fryslân, mei Ljouwert as sintrum, yn 2018 ien fan de twa Kulturele Haadstêden fan Europa wêze sil. Sjogge jo dernei út en hawwe jo ambysje om der as frijwilliger oan mei te wurkjen? Hoe libbet it by josels en neffens jo yn de 'mienskip'?

7. **Fan it smoken ôf?**

It byld fan tabak is de lêste 20-25 jier hurd feroare. Fan in genietmiddel yn in sûnensfjân. 'Hoechst in smoker net te fertellen dat er dermei ophâlde moat, hy/sy wit dat sels better as wa dan ek.' Hawwe jo in striid (hân) om derôf te kommen?

8. **Ynternet en de winkels**

Der wurdt op 't heden by it soad kocht fia ynternet. Dogge jo der ek oan mei en hawwe jo in byld fan de maatskiplike gefolgen?